

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-36
Datum indienen vraag : 13 desimber 2021
Naam vraagsteller : Hr. S.D. van der Meer
Portefeuillehouder : Hr. M. de Haan
Ambtenaar : Hr. E. de Boer
Datum akkoord college : 11-1-2022
Zaaknummer : Z2022-00056

Underwerp

Problematyk fan de Tilster brêge te Koatstertille

Op 13 desimber 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer de problematyk fan de Tilster brêge te Koatstertille. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

Al in hiel skoft hawwe de ynwenners en bedriuwen en it trochgeand ferkear hinder fan de beheinings fan de brêge oer it Prinses Margrytkanaal, yn de N369 by Koatstertille. De FNP-fraksje hat dêroer de neikommende fragen oan it kolleezje:

Fragen

1. Is it it kolleezje bekend dat der benammen yn de neimiddei in lange file stiet oant foarby de rotonde fan Koatstertille, en dat de ynwenners dêrtroch mar lestich út it doarp komme kinne?
2. Sa ja, is it kolleezje dan ek ree om mei de Provinsje en/of Rykswettersteat yn petear te gean om dit probleem op te lossen?
3. Is it kolleezje it mei ús fraksje iens dat hjir in goeie oplossing komme moat, dy't ek foar it doarp Koatstertille en de bedriuwen akseptabel is?
4. It liket derop dat de problemen mei de brêge wolris jierren duorje kinne. Kin it kolleezje ek oanjaan wat hja oant no ta dien hawwe by de ferantwurdlike ynstansjes de Provinsje en Rykswettersteat om dizze problemen sa folle mooglik op te lossen?
5. Is it kolleezje ek fan plan, en kin hja tazisse, de Ried, de ynwenners en bedriuwen fan it doarp Koatstertille en de omlizzende doarpen op de hichte te hâlden oer de fuortgong fan dizze problematyk en oplossings?
6. Op hokker termyn tinkt it kolleezje de Ried en de doarpen op de hichte te bringen fan de fuortgong fan de problematyk en oplossings?
7. Is it kolleezje op de hichte dat ek de brêge fan Skûlenboarch yn in minne steat is? Sa't wy as FNP begrepen ha kin er by grutte problemen net mear makke wurde, mei alle gefolgen dy't dat hat, lykas noch mear ferkear oer de Tilster brêge.

Reaksje kolleezje

1. It kolleezje is bekend mei de ferkears situaasje oangeande de ferkearsregelynstallaasje (VRI) by de brêge Koatstertille. Alle meldings fan ferkearsdielnimmers wurde byhâlden en mei de provinsje kommunisearre. Dêrneist monitoaret de provinsje de VRI en binne der al de nedige oanpassings dien, lykas it better ôfstellen fan de VRI en it oanbringen fan in stopstreep omdat weinen oars net detektarre wurde en de syklus langer op read stean bliuwt.

2. It monitoarjen bliuwt en der is geregeld kontakt mei de provinsje. De 'tydlike' oplossing foar it frachtferkear is in VRI west, wittende dat it wachttiden foar al it ferkear feroarsaket.
3. Sjoch antwurd fraach 2.
4. Op de dei dat jo de fragen steld ha, hat der in bestjoerlik oerlis west tusken minister Barbara Visser, Ryks Wettersteat, de provinsjes Fryslân en Grinslân en de gemeente Grins. Yn dat oerlis is neikommende beslút nommen:
Ryks Wettersteat sil oan 'e slach mei twa brêgen yn Grinslân en twa brêgen yn Fryslân. Foar Fryslân binne dat Koatstertille en Spannenburch. Der komt sa'n 70 miljoen per provinsje beskikber foar de oanpak fan dizze brêgen. De oare brêgen kinne pas oanpakt wurde wannear't der oanfoljend budzjet beskikber komt.

Foar Koatstertille moatte de plannen foar ferfanging neier útwurke wurde. De ynset is dat RWS dêr fan't maitiid neiere besluten oer nimt.

Achtkarspelen bliuwt lobbyen foar in akwadukt.

5. Boppesteand beslút is op de LIS pleatst en nei de belutsen pleatslike belangen stjoerd.
6. Yn it beslút ûnder antwurd 4 kinne jo lêze dat Ryks Wettersteat yn 'e maitiid fan 2022 mear dúdlikheid jaan wol oer de brêgestúdzje Koatstertille. It kolleezje hâldt de ried dêrfan op 'e hichte.
7. Ja, wy binne op 'e hichte fan de steat fan de brêge fan Skûlenboarch. Dêroer is ek goed oerlis mei de gemeente Tytsjerksteradiel. Yn it beslút ûnder antwurd 4 wurdt oanjûn dat Skûlenboarch letter as Koatstertille oppakt wurdt. Dat beslút ferlinget de soargen dy't der al binne. Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel ha dat bestjoerlik by Ryks Wettersteat likegoed as de provinsje oanjûn.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,

boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong

hr. mr. O.F. Brouwer